

# Eindexamen Fries havo 2006-I

havovwo.nl

## 4 Beoordelingsmodel

Antwoorden	Deel-scores
------------	-------------

### Tekst 1 Twatalichheid moat it Frysk rêde

#### Maximumscore 2

- 1  • Fan de berte-advertinsjes is 50% yn it Frysk, foar 60% fan de Friezen is Frysk de memmetaal. 1
- Fan de berte-advertinsjes is 50% yn it Frysk, foar minder as 50% fan de tolvejierrigen is Frysk de memmetaal. 1
- Ek goed:
- Frysktalige âlders bringe har bern hieltyd faker yn it Nederlânsk grut. 1
- It ûnderwiis makket him net botte drok om it Frysk. 1
- As der mear as 44 wurden brûkt binne ien punt ôflûke.*

#### Maximumscore 2

- 2 ■ B

#### Maximumscore 1

- 3 ■ B

#### Maximumscore 1

- 4 ■ c

#### Maximumscore 2

- 5  It foardiel fan twataligens is wittenskiplik oantoand / Twataligen wurde taalfleksibeler en leare makliker nije talen. 1
- As der mear as 17 wurden brûkt binne ien punt ôflûke.*

#### Maximumscore 2

- 6 ■ D

### Tekst 2 Emoasje fersus regels

#### Maximumscore 2

- 7  De fraach oft it aaisykjen yn Fryslân ferbean wurde moat of net. 1
- De fraach oft it aaisykjen wol of net skealik is. 1
- As allinnich op de neisoarch yngien wurdt: gjin punten.*
- As der mear as 17 wurden brûkt binne ien punt ôflûke.*

#### Maximumscore 2

- 8  • Op in miening. 1
- De oanname fan Niesen is, dat alle 9000 kaarthâlders aaisykje / dat alle 9000 kaarthâlders fine 15 aaien opkrije sille. 1
- As der mear as 22 wurden brûkt binne ien punt ôflûke.*

#### Maximumscore 1

- 9  It 'rapen'. 1
- As der mear as 6 wurden brûkt binne gjin punten takenne.*

#### Maximumscore 1

- 10 ■ A

#### Maximumscore 1

- 11 ■ c

# Eindexamen Fries havo 2006-I

havovwo.nl

Antwoorden	Deel- scores
<b>Maximumscore 1</b>	
12 ■ B	
<b>Maximumscore 2</b>	
13 ■ A	
<b>Maximumscore 2</b>	
14 □ • Op syn eigen miening. • Osinga syn bewearing is net ûnderboud mei in feit. <i>As der mear as 22 wurden brûkt binne ien punt ôflûke.</i>	<u>1</u> <u>1</u>
<b>Maximumscore 1</b>	
15 □ Negatyf: der wurde tefolle aaien meinommen. / De hiele earste lech wurdt meinommen. <i>As de motivearring ûntbrekt: gjin punten.</i> <i>As der mear as 11 wurden brûkt binne gjin punten takenne.</i>	
<b>Maximumscore 1</b>	
16 □ Posityf: as der net aaisocht waard, soe der ek minder neisoarch wêze. <i>As de motivearring ûntbrekt: gjin punten.</i> <i>As der mear as 17 wurden brûkt binne gjin punten takenne.</i>	
<b>Maximumscore 2</b>	
17 □ • Hy kiest partij foar Osinga. • Niesens stelling neamt er “swier” oerdreaun en dy fan Osinga “miskien” oerdreaun. / Hy giet folle wiidweidiger tsjin Niesen syn miening yn as tsjin dy fan Osinga. <i>By it antwurd “neutraal” mei as motivearring “hy fynt dat se beide oerdriuwe”: ien punt.</i> <i>As der mear as 28 wurden brûkt binne ien punt ôflûke.</i>	<u>1</u> <u>1</u>
<b>Tekst 3 Fryske learlingen hawwe foarsprong</b>	
<b>Maximumscore 2</b>	
18 □ De ûndersykresultaten kinne fertekene wêze trochdat • lang net alle skoallen der by belutsen wiene. • yn Limburch minder skoallen meidiene as yn Fryslân. • de Limburchske skoallen oer ’t algemien grutter wiene as de Fryske. <i>As der ien punt fan krityk neamd is: ien punt.</i> <i>As der twa of trije punten fan krityk neamd binne: twa punten.</i> <i>As der mear as 39 wurden brûkt binne ien punt ôflûke.</i>	
<b>Maximumscore 1</b>	
19 □ De ferskillen binne folle minder grut as de berjochtjouwing suggerearret. / De berjochtjouwing is oerdreaun. / Der wurdt yn de berjochtjouwing tefolle heisa fan makke. <i>As der mear as 11 wurden brûkt binne gjin punten takenne.</i>	
<b>Maximumscore 1</b>	
20 ■ B	
<b>Maximumscore 1</b>	
21 □ De totale ûnderwiistiid is gelyk: 7 jier x 40 wiken. / De Fryske skoallen binne ek trije wike earder begûn. <i>As der mear as 11 wurden brûkt binne: gjin punten takenne.</i>	
<b>Maximumscore 2</b>	
22 ■ F	

# Eindexamen Fries havo 2006-I

havovwo.nl

Antwoorden	Deel-scores
------------	-------------

## Maximumscore 2

- 23  Yn alinea 2 suggerearret Bergsma dat de ûndersyksresultaten yn Limburch miskien wol better binne as yn Fryslân trochdat yn Limburch mear grutte skoallen meidiene.  
*As der mear as 28 wurden brûkt binne ien punt ôflûke.*

## Maximumscore 1

- 24  A

## Tekst 4 Underweis nei de ivige jeugd

### Maximumscore 12

- 25  • Ynhâld  
• Stavering en styl

9  
3

### Stavering en styl

As der tefolle wurden brûkt binne, jildt de folgjende regeling:

- 165-170 wurden = -1 pt.
  - 171-175 wurden = -2 pt.
  - 176-180 wurden = -3 pt.
- ensf. (foar elke fiif wurden tefolle ien punt ôflûke)

Foar stavering en styl krijt de kandidaat 3 punten foarôf. Foar elke flater wurdt 0,1 punt ôflutsen. It maksimum tal punten dat ôflutsen wurde kin, is 3. It totaal oantal punten foar stavering en styl moat ôfrûne wurde op hiele punten.

Net rekkene wurde:

- flaters op it mêd fan it al of net oaninoar skriuwen fan wurden
- ynterpunksjeflaters
- werhellingsflaters (deselde flater yn itselde wurd)
- te min / tefolle spaasjes yn gefallen as *dy't* en *yn 'e*

### Ynhâld

*Yn it skema hjirûnder wurdt oanjûn hoe't de punten foar de ynhâld oer de ferskillende ynfo-  
eleminten ferdielt binne:*

#### Telomearen en DNA

- Wa't de telomearen ûntdutsen hat 1
- Wat telomearen binne en wat se dogge 1

#### Telomearen en it ferâlderingsproses

- Wêr't it ferâlderingsproses troch feroarsake wurdt 1

#### Telomerase en it ferâlderingsproses

- Wat telomerase is 1
- Wat telomerase docht mei de telomearen 1
- Wat it effekt is fan in ferhege doasis telomerase 1

#### Telomerase en kankerbestriding

- Dat kankersellen telomerase produsearje 1
- Wat it effekt is as men de telomerase abrupt fuorthellet 1
- Dat hjir in mooglikheid leit foar in (nije) therapy tsjin kanker 1

*As titel, skriuwer en/of boarne net neamd binne: -1 pt.*

*As de alinea-yndieling net korrekt is: -1 pt.*

*Foarbyld fan in útwurke gearfetting:*

**Underweis nei de ivige jeugd**

Sander Becker, Trouw 2 oktober 2004

Elisabeth Blackburn ûntduts de saneamde telomearen, kapkes oan de úteinen fan it DNA, dy't it DNA beskermje tsjin ôftakeling.

It ferâlderingsproses wurdt feroarsake trochdat de telomearen yn de rin fan it libben hyltyd koarter wurde.

Blackburn ûntduts ek in ensym dat de telomearen langer makket: telomerase. It lichem produsearret in lytse doasis fan dat ensym. Troch de doasis telomerase keunstmjittich te ferheegjen kin it ferâlderingsproses fertrage wurde.

Kankersellen produsearje in grutte doasis telomerase. It hat bliken dien dat de kankersellen stjerre as je it ensym abrupt fuorthelje. Blackburn hopet hjirmei ûnderweis te wêzen nei in nije terapy tsjin kanker.